

Ferslach gearkomste Genealogysk Wurkferbân 1 febrewaris 2025

Sian Wierda fertelt oer syn ûndersyk nei de bewenners fan de heidedoarpen.

Hy hat hjir foar keazen om't syn mem van de Rottefalle kaam. Fan dy kant hat er dus ek foarâlden yn de heidedoarpen. Hy hat syn ûndersyk beheid ta de heidedoarpen yn eastlik Achtkarspelen en Smellingerlân: it gebiet fan Surhústerfean, de Grinzer Pein, Houtigehage en Drachtsterkompenije.

Dizze heidedoarpen ûntstiene foaral troch de feangraverij. As in gebiet útfeane wie gong in diel fan de arbeiders fierder, mar foaral de earmen bleaune efter. De krisis yn de lânbou nei 1870 makke it der net better op, de earmoede naam ta.

De heidedoarpen ûntstiene troch de feanterij tusken 1700 en 1800. De kriminaliteit wie foaral mishanneling en geweld, stellerij en streuperij. Stellerij kaam foaral troch de earmoed. As der gjin iten is en by de boeren lizze wol bulten earappels, dan is it gau sa fier dat der even wat meinaam wurdt foar eigen gebrûk.

Wat yn dizze doarpen ek in protte foarkaam wiene ûnwettige bern. Ek de poppe- en bernestjerte wie yn de heide doarpen grutter as yn de oare doarpen. In oar punt dat de earmoed befoardere wie it analfabetisme. As der al skoallen wiene gongen de bern mar in lyts part fan de tiid nei skoalle. Yn de echte heidedoarpen kamen de skoallen pas nei en somtiden fier nei 1800.

Nei it skoft komt oan de oarder hoe't tiidgenoaten oer de heidedoarpen en de bewenners skreaun hawwe. De earste dy't besprutsen wurdt is dûmny Tonnis van Duinen, herfoarme predikant fan Surhústerfean fan 1841 oant 1847. Hy gong nei de heidebewenners, woe har helpe en preke ek foar harren by in boer der't er in keamer hierde. Hy hat de boeken 'Ons dorp' en 'Tekeningen en schetsen' skreaun.

De twadde auteur is Sytze Greidanus, dy't yn 1904 'De dagen van Olim' publisearre. Letter is it ûnder de titel 'Een dorpsdokter uit de Friese Wouden vertelt.' opnij útbrocht. Greidanus wie dokter yn Bûtenpost.

De tredde skriuwer is dûmny: Sibillus Catharinus Kijlstra. Kijlstra wie in saneamde reade dûmny yn De Rottefalle fan 1897 oant 1899.

De fjirde auteur dûmny Johannes Antonie Visscher. Dûmny Visscher skreau ûnder oare 'Van de arme Friesche heide' en 'Koperen klanken'. Hy wie yn 1903 ek dûmny yn De Rottefalle.

De lêste auteur is de heidebewenner Jelle Dam. Dizze man hat yn de jierren 30 syn memoires opskreaun, letter útbrocht ûnder de titel 'Jeugdherrinneringen van Jelle Dam'.

Notulist: Rinse Spits